



80 jier frijheid

Yn 2025 fiere wy 80 jier frijheid. Spesjaal foar alle basisskoallen yn Fryslân hawwe it Fries Verzetmuseum, Afûk, Omrop Fryslân en Cedin it projekt 'Oarloch yn 'e klasse' ûntwikkele. Oan 'e hân fan fiif edukative fideo's en ynteraktive opdrachten geane de learlingen fan groep 7 en 8 oan 'e slach mei wat der yn 'e Twadde Wrâldoarloch yn Fryslân bard is.

Yn 'e útstjoeringen wurde de bern meinommen nei belangrike plakken út de Twadde Wrâldoarloch en dêrnei kinne sy yn harren klasse oan it wurk mei de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks. De opdrachtkaarten litte learlingen bygelyks prate oer it belang fan regels, in Ingelsk gefjochtsfleantúch sjen, útfine wêr't yn harren omjouwing

wapendroppings west hawwe en ûndersykje hoe't it hjoed-de-dei sit mei foaroadielen.

Op 27 maart is it projekt 'Oarloch yn 'e klasse' lansearre yn it Fries Museum. De besikers koene nijs-gjirrige workshops folgje, û.o. oer debattearjen mei de klasse en it bepraten fan ûnderwerpen lykas diskriminaasje en frijheid fan mieningsutering. Jûns waard de tentoanstelling 'IMPACT, Lucht-oerlog in Friesland 1940-1945' iepene.

Mei tank oan de Provinsje Fryslân kinne alle skoallen hielendal fergees mei dit projekt oan 'e slach. Op www.oarlochynklasse.frl is it materiaal te finen en te bestellen.



Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Boterhoek 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

IEPENINGSTIDEN
Tiisdei o/m freed
10.00 - 17.00 oere

ynfo@afuk.frl
www.afuk.frl

@ /stichtingafuk
f /StichtingAfuk



Leafde yn oarlochstiid

(Ein Bratkartoffelverhältnis)

Oan de basis fan dizze novelle lizze de oantinkens fan de âlden fan skriuwer Willem Verf. Sy krigen yn oarlochstiid ferkearing yn Dútslân, wylst it Ruhrgebiet heftich bombardearre waard. By biten en brokken fertelle sy Willem dêr letter oer. Hoe komme minsken dy't gjin helden binne, en neat mei ideologyske fiersichten hawwe, troch sokke tiden fan fernieling, dea en ûntregeling? In persoanlik en oandwaanlik ferhaal dat de lêzer de oarloch op in oare wize sjen lit. Willem Verf: 'Yn dit boekwurk wurdt it ferhaal ferteld út trije perspektiven wei: dat fan myn Dútske mem, myn Nederlânske heit, en ik sjoch

sels ek werom op myn ferhâlding mei myn ôfkomst. Yn de jierren dat ik opwoeks, woenen de minsken foaral de oarlochstiid achter har litte. Ik tink dat de tiid der no, tachtich jier letter, ryp foar is dat minsken iepensteane foar de nuânses. Wy leare op skoalle oer de fjildslaggen, sjogge films oer helden, mar dizze novelle giet oer gewoane minsken. Minsken út in húshâlding yn Fryslân en ien yn Dútslân dy't meilkoar te krijen hiene, en hoe't sy de oarloch belibben.'

Mear ynfo: rûnom te keap foar € 17,50 by boekhannels en fia websjop.afuk.frl



Bring it Fryske boek doar oan doar en spek de klupkas!

De measte klups en ferieningen kinne wol wat ekstra jild brûke. De Sutelaksje biedt de kâns om mei in lytse ynspanning de klupkas te spekken. In moaie finansjele ynstruier foar jim klup, want 25% fan de opbringst is foar de klupkas!

Doch ek mei en jou jim klup op fia: www.sutelaksje.frl



WOW Frysk ûnderweis

Op woansdei 21 maaie is it wer tiid foar it evenemint foar Frysk en meartalich ûnderwiis: WOW Frysk ûnderweis. WOW is der foar alle professionals yn it foarskoalsk en primêr ûnderwiis, om harren te ynspirearjen ta ryk taalûnderwiis, ek yn it Frysk. De edysje fan 2025 is yn Wergea en sil ynstekke op it nije kurrikulum Fryske taal en kultuer, wêrby't wy longerje nei taalrykdom foar alle bern. Mear ynformaasje en oanmelde: taalplan.frl/wowfrysk



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl of scan de QR-koade.

Boeketip 5

1 Leafde yn oarlochstiid
Willem Verf
€ 17,50

2 Stikken
Eeltsje Hettinga
€ 17,50

3 De Romeinen
Kristof Berte
€ 15,-

4 Stip syn moaiste ferhalen
Eric Hill
€ 15,99

5 Middlemarch
George Eliot
Geart fan der Meer (oersetter)
€ 39,95

Dizze novelle is basearre op de oantinkens fan de âlden fan de skriuwer, dy't yn oarlochstiid yn Dútslân ferkearing krigen en him dêr letter oer fertelden.

Yn *Stikken* skriuwt skriuwerdichter Eeltsje Hettinga oer it wurk fan in tal dichters dy't foar syn eigen poëzy fan belang en betsjutting west hawwe.

De opstân fan de Friezen is in prachtich tekene, spannende, grappige én learsume strip. It boek is basearre op histoaryske feiten: de Fryske opstân fûn plak yn 28 nei Kristus.

Seisfan de moaiste Stip-ferhalen! Lês hoe't Stip en syn freonen picknicke, in nij spultsje dogge, pake helpe yn 'e tún en noch folle mear!

De roman spilet yn 1829-1832, de tiid fan de grutte herfoarming fan de Ingelse kieswet. Geart fan der Meer makke in Fryske oersetting fan dizze klassiker.